

DINGtiid orgaan foar de Fryske taal  
Keamer 0.03  
Westersingel 4  
8913 CK LJOUWERT

Ljouwert, 4 febrewaris 2025  
Ferstjoerd, **- 5 FEB. 2025**

Ús merkteken : 02334239  
Domein/ Team : Taal en Leefberens  
Opsteld troch :   
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Reaksje op it advys fan de asega's oangeande in Fryske Urdd

Achte bestjoer fan DINGtiid, achte hear Klarenbeek,

Wy hawwe it advys fan de trije asega's mei belangstelling lêzen – moai om te sjen dat sa'n kultureel taalfestival in soad besikers lûkt en echt libbet binnen de mienskip. Hjirby ús reaksje op jim oanbefellings.

As provinsje Fryslân is it taalbelied fan Wales foar ús in wichtich foarbyld as it giet om it formulearjen fan doelstellingen foar de lange termyn op ferskate flakken. It is dan ek tige nijsgjirrich om te lêzen, wat de *Urdd Eistedfod* ynhâldt, wat it betsjut foar de mienskip en wat it losmakket, just by de jongerein.

Wy binne fan betinken dat in Frysk taal- en kultuerfestival in moaie bondeling wêze kinne soe fan wat der al dien wurdt yn de provinsje, sawol troch ús as oerheidsynstânsje en ús ferskate partners, mar ek fanút de mienskip sels.


De jongerein is in doelgroep dy't wy as provinsje ek aktivearje en entûsjasmearje wolle. Dat is dan ek in spearpunt yn de nije BFTK en ús nije Taalnota. Doel is om de kommende tiid yn te setten op nije media lykas podcasts en vlogs, en in ympuls as it giet om (koarte) films en oansprekkende jongereinliteratuer yn it Frysk. Dêrneist is der ek noch de kampanje YungFrysk, dy't al in oantal jier aktyf is yn de provinsje en op de sosjals. YungFrysk wurdt makke troch en foar de jongerein, wêrtroch't de belibbingswrâld fan jongerein sintraal stiet. Troch harren wurde ferskate (maatskiplike) tema's op in leechdrompelige, meartalige wize behannele.

Op it Frysk ûnderwiismêd hawwe wy fansels Taalplan Frysk 2030, wêtroch't de jongerein op skoalle mei de Fryske taal yn oanrekking komme yn in trochgeande learline, 'fan pjut oant promovendus'. Wat it wedstriidlemint oangiet, falt te tinken oan it Lyts Frysk Diktee dat alle jierren organisearre wurdt en dêr't bern fan alle basisskoallen yn Fryslân út groep 7 en 8 oan meidwaan kinne.

In yntegraal taalfestival soe neffens ús in moaie ferbining wêze kinne fan it ferskaat oan kulturele aktiviteiten dy't al organisearre wurde yn ús provinsje en dêr't wy tige grutsk op binne. As provinsje soene wy de mooglikheden as it giet om sa'n bredere gearwurking of yntegraasje neier ûndersykje wolle. De kommende tiid sille wy dan ek jim advys ûnder de earm meinimme yn de oerlizen dy wy mei ferskate taal- en kultuerorganisaasjes fiere. Dêrneist sille wy it inisjatyf nimme om mei de opstellers fan it oangeande advys fierder yn petear te gear.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

  
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

  
drs. ing. J.J. Algra, sekretaris